

## **Sjueryrapport 'It bêste nije krystliet' (Krúspuntdei yn Feanwâlden, 29 maart 2014)**

De priisfraach fan Krúspunt foar 2014 - diskear foar in nij Frysk Krystliet - hat de sjuery, besteande út musikus Olchert Clevering, dûmny David de Jong en Alex Riemersma as frisist, foar aardich wat swierrichheden set. It tal ynstjoerings fan 22 wie noch justjes heger as ferline jier foar it Pinksterliet. Der wienen oarspronklike teksten en oersettings by, ek wol lietteksten sûnder meldij. Neffens de kritearia fan it bestjoer fan Krúspunt koe dat allegear, mar it joech wol in frijwat grut ferskaat oan skiften fan te beoardielen ynstjoerings. Guon ferskes wienen spesjaal foar bern bedoeld, oare lieten ornearre foar de earetsjinst. Der wienen neifertellings by fan it krystferhaal en ek natoerbeskriuwings; dy lêsten skaaiden út nei fersen foar it profane midwinterfeest. Dat binne neffens de sjuery gjin krystlieten yn de kristlike tradysje dêr't Krúspunt de priisfraach foar op priemmen set hat. Der wie ek in moai canon-fers by, oersetting fan de tekst "Tu hai Swami" út it Hindi, wat betsjut "Myn freon en hoeder". Neffens de ynstjoerder ferwiist de titel nei psalm 23, de Nederlânske tekst giet sa: "Vriend en herder en hoe ik je ook noemen zal. Je ogen zien mij spelen, staan, altijd, overal daar waar de weide roept, daar volg ik je met mijn geroep." Psalm 23 okee, mar in ferwizing nei krysttiid sit der net yn; it is in liet oer de maitiid. It soe wat oars wêze as de opdracht foar in oare kears wurdt om in oersetting of bewurking te meitsjen fan in geastlik of kristlik liet út oare kultueren op dizze wrâld. Dan komme grif ek noch hiel oare meldijen en toansorten oan bar! In oare swierrichheid wie de ferbylding fan it krystferhaal en de brûkte byldspraak. It Krystferhaal is sa faak al besongen en sa bekind yn ús kultuer en it bernelibben, dat it wierliken dreech is om in ferrassend en oansprekkend liet te meitsjen, geef fan taal en farsk fan klank, dat de evergreens belykje kin. Dit sjuery-rapport is ek frijwat kritysk oer de lietteksten en de meldijen dy't net yn de prizen falle; de konkrete opmerkings binne bedoeld as oanwizings yn in learproses en perfoarst net om minsken te plak te setten. Krekt oarsom, de sjuery wol it foarste plak de komplimenten oerbringe oan alle minsken dy't it oandoarst hawwe én de ynspanning dien hawwe

om in nij liet te skriuwen en op muzyk te setten, of in oersetting te meitsjen. De meidoggers litte sjen, dat it inisjatyf fan Krúspunt de muoite wurdich is. It bestjoer hat ús yn de opdrachtbrief dit dúdlik makke: "Foar ús is it wichtichste, dat it liet him sjonge lit yn de kristlike mienskip yn Fryslân. Dêrta moat it muzikaal, literêr en teologysk goed yninoar sitte. It moat mienskip foarmje, en gjin minsken bûtenslute: net troch in te drege (muzikale) foarm, net troch te drege taal, net troch de ynhâld. Mar ynhâld, taal en (muzikale) foarm moatte al wat te bieden hawwe, en langer mei kinne as ien kear sjongen."

Uteinliken komt it derop oan, dat de lieten werkend wurde as sjongsum yn de gemeente, ek graach songen wurde sille troch minsken dy't thús gjin Frysk prate, en sadwaande oan alle minsken yn de gemeente eigen wurde troch geregeld gebrûk. It moaie fan lieten dy't yn twa taalferzjes beskikber binne, is, dat by it gearstallen fan de liturgy de Fryske ferzje foar kar nommen wurde kin mei it argumint: "De Fryske ferbyldingskrêft fan de Fryske ferzje is justjes sterker, taast krekt wat djipper en past better by dizze gelegenheid."

Fansels kin mar ien ynstjoering de priis foar it bêste nije krystliet winne. Mar earst wolle wy de lieten neame dy't **net** yn 'e prizen falle binne, mar **al** in earfolle fermelding wurdich binne. It giet dêrby om – wat de sjuery neame wol – krystferskes. Sy hawwe gjin heechdravende ynhâld of himelbestoarmjende foarm, mar fertelle gewoan fan it berntsje yn 'e krêbe. Just krysttiid hat minsken altiten ynspirearre en sjong fan it wûnder dat yn it gewoane libben bart. Tink ek mar ris oan de Ingelske carols. Ut dat sjenre wolle wy fjouwer ynstjoerde lieten mei eare neame:

- 1. Tichteby de stêd fan David**, skreaun troch in mem foar har bern. Hiel ienfâldich, mar it taast je wol yn it moed. It is wol skande dat fan dit tige bekinde liet 'Once in royal Davids city' allinnich it earste kûplet oersetten is. Wy soenen de ynstjoerder oanmoedigje wolle en set ek de oare kûpletten oer.
- 2. O Hear, Jo haww' it himelljocht mei jo Soan Jezus oan ús brocht.**  
Dy earste beide rigels wurde yn alle kûpletten werhelle. Dêrtroch bliuwt it wat ienfâldich, mar wat der yn de lêste beide rigels oan tafoege wurdt makket it wol treflik.
- 3. Skrik net, seit de ingel.** Yn dat liet wurdt de earste rigele werhelle yn de tredde rigele. De tekst knypt yn it fjirde kûplet ("En frede op ierde, sá leaf hat Er ús"), mar dochs is hjir in tear en yntym krystferske ûntstien.
- 4. Heech wolkom de dagen.** In liet mei wat mear pretinsjes. Benammen yn de kûpletten steane moaie rigels. Bygelyks: 'Dat, skuor út jim skrift de bloedige kift en skras út jim boek getysk en gespoek'. It refrein koe de sjuery lykwols net oertsjûgje. Dochs bliuwt it in moai liet.  
De skriuwer soe nochris goed nei it refrein sjen moatte.

Foar de earste en iennichste priis hat de sjuery in kar makke út dizze trije litten: **In nije begjin; God sels hat sprutsen yn de tiid en Kom, folk fan God.**

Fan alle trije lieten wolle wy koart wat sizze [en it wurd sje "wy" seit krekt wat is it is – ús mienskiplike beoardieling; wy hawwe alle trije tekst bydroegen oan dit rapport].

**In nij begjin.** Dat liet beskriuwt yn prachtige bylden de jûn fan 'e hjerst en de nacht fan 'e winter, net de tradysjonele bylden fan in krêbe, hoeders en ingels. De byldspraak en de gedachteline is ek foar bern goed nei te kommen. It refrein sjongt moai as folget:

“Mar net alles wat liket is wier, net alles leit foar dea;  
earne yn 't ferhoalene oerwint it goed' it kwea;  
ûntspruten oan de âlde stam groeit der in nij begjin,  
oerwinning út in swiere striid bringt libben nije sin”.

It boadskip fan it Krystfeest bliuwt yn de tekst wat ymplisyt. Dochs it it, miskien dêrom wol, in echt krystliet. Boppedat sitte yn dat liet de moaiste poëtyske fynsten fan alle ynstjoerings. Der sitte lykwols ek rigels mei brike taal yn, dy't it gehiel ûnderstek dogge:

“De wyn dy lit har heare, it boldert oer it dak,  
pjutters yn it boartersstek binn' net op har gemak”.

Boppedat is it ritme net oeral regelmjichtich en falle de klammen net oeral op it goede plak. Dêr soe de dichter noch al efkes nei sjen moatte – en benammen mei goed gehoar nochris goed nei harkje moatte; dan kin it in moai Frysk (en net allinnich frysktalich) Krysljet wurde.

Twads, in liet dat gjin aparte titel hat, mar songen wurde kin op de meldij fan John Wainwright dy't brûkt is yn liet 156 fan it nije Liedboek: “Kom, folk fan God, begroetsje bliid de moarn.”

De ferbylding fan it krystferhaal is yn dat liet frijwat tradysjoneel en de wurdkar is minder poëtysk as yn de beide oare 'bêste' lieten. It boadskip komt op 'en bêsten ta útdrukking yn de slotrigels:

“Al misse minsken faak har doel en sin, God makket altyd wer in nij begjin.”

Koartsein: It springt der net sa út as de oare beide lieten, mar is wol oer alle boegen slagge.

Treds, it liet **God sels hat sprutsen yn de tiid**, in oersetting fan in liet fan Tom Naastepad op in meldij is fan Willem Vogel, opnommen yn de bondel Zingend geloven V, mar net yn it Liedboek (2013). It is in tige krêftige oersetting wurden, dy't neffens de sjuery op guon plakken better is as it orizjineel.

Twa dúdlike foarbylden:

“Hij vult de lege handen, en zingen zal het groot getal der stillen in den lande” klinkt yn it Frysk:  
“God follet lege hannen. En sjonge sil, wa't no noch stil ferkwynt yn boei' en bannen”.

En: “De eeuw vergaat, maar 't stervend zaad heeft honderdvoud van schoven” klinkt yn it Frysk:

“De tiid fergiet, mar 't stjerrend sied jout fruchten oer de mjitte.”

It liet nimt syn útgongspunt net yn Lukas 2, mar yn Johannes 1: “It wurd is minske wurden”. Dat jout dat liet syn eigen lûd, dat yn 'e krysttiid ek heard wurde mei:

“Dêr't minsken 't godlik Wurd ferstean' sil hoop foar earmen groeie.

De steppe mei yn pronklean gean, de toarre twiich sil bloeie.

Wa't delsein wie, wint fleur en tier, God follet lege hannen.  
En sjonge sil, wa't no noch stil ferkwynt yn boei en bannen".

It is de winsk fan de sjuery, dat dit liet wol opnommen wurde sil yn it nije Fryske Lieteboek (2015)!  
It hear oersjend, alle lieten jitrís en jitrís mei soarch trochlêzen, alles goed mei elkoar bepraat  
hawwend, giet de foarkar fan de sjuery út nei dat lêstneamde, goed sjongbere liet mei in eigen lûd:  
"God sels hat sprutsen yn de tiid."

Mei út namme fan de oare sjueryleden, Olchert Clevering en David de Jong, myn hertlike lokwinken  
oan de oersetter / bewurker.